# PARSEBERJOCHT
27 desimber 2018

# Fryske top 100 populêr by publyk én artysten

**In rekôroantal stimmen fan it publyk meitsje de Fryske top 100 populêrder as ea. Mar leafst 51.825 stimmen waarden der teld, doe't de stimbus tichtgie op twadde krystdei. Ferline jier kamen der 37.570 stimmen binnen. Opfallend is dat der in protte aksje fierd is om guon nûmers yn de Fryske top 100 te krijen. De folsleine list, útsein de top 10, is te sjen op Frysketop100.nl.**

**Opfallende notearringen**
Der binne dit jier 18 nije binnenkommers yn de Fryske top 100, wêrfan twa yn de top 10. De Hûnekop en Piter Wilkens hawwe it measte oantal notearingen yn de list, se komme beide njoggen kear foar. Opfallend heech yn de list einige is Andries de Vries. Hy komt nij binnen mei syn liet 'Bist do makke foar my' op nûmer 15. Ek Jos Harteveld is in hege nije binnenkommer mei it in nûmer 'Bist yn myn hert'. Hy komt binnen op plak 25.

**Wurdearring fan publyk**
Al jierren stjoert Omrop Fryslân op âldjiersdei de Fryske top 100 út. Foar in soad Friezen it ideale programma om it jier mei ôf te sluten. Foar guon artysten betsjut in notearring in foarm fan wurdearring foar harren wurk. Marcel Smit: “De Fryske top 100 is sa stadichoan in stikje kultuer wurden. Ik bin der grutsk op dat myn ferskes der al jierren yn stean en dêrmei dus de wurdearring krije fan de leafhawwers fan de Fryske muzyk.”

**Jukebox**
Der koe sûnt 24 novimber stimd wurde op de Fryske top 100. Rûnom yn de provinsje dûkte de ôfrûne wiken it stimhokje op om in listje mei 5 favorite platen troch te jaan. Online koe der stimd wurden fia Frysketop100.nl en de Omrop-app. Harkers en sjoggers meitsje dit jier kâns op de Fryske top 100 jukebox. De jukebox wurdt op 31 desimber fuortjûn yn de útstjoering.

De Fryske top 100 wurdt op 31 desimber fan 13.00 oant 00.00 oere útstjoerd op radio, telefyzje, Omropfryslan.nl en de Omrop-app.

---

**Noat foar de redaksje:**
Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

# PERSBERICHT
27 december 2018

# Fryske top 100 populair bij publiek én artiesten

**Een recordaantal stemmen van het publiek maken de Fryske top 100 populairder als ooit. Maar liefst 51.825 stemmen werden er geteld, toen de stembus dichtging op tweede kerstdag. Afgelopen jaar kwamen er 37.570 stemmen binnen. Opvallend is dat er veel actie is gevierd om bepaalde nummers in de Fryske top 100 te krijgen. De volledige lijst, uitgezonderd de top 10, is te zien op Frysketop100.nl.**

**Opvallende noteringen**
Er zijn dit jaar 18 nieuwe binnenkomers in de Fryske top 100, waarvan twee in de top 10. De Hûnekop en Piter Wilkens hebben het meeste aantal noteringen in de lijst, ze komen beide negen keer voor. Opvallend hoog in de lijst geeindigd is Andries de Vries. Hij komt binnen met zijn lied ‘Bist do makke foar my’ op nummer 15. Ook Jos Harteveld is een hoge nieuwe binnenkomer met het nummer ‘Bist yn myn hert’. Hij komt binnen op plek 25.

**Waardering van publiek**
Al jaren zendt Omrop Fryslân op oudjaarsdag de Fryske top 100 uit. Voor veel Friezen het ideale programma om het jaar mee af te sluiten. Voor sommige artiesten betekent een notering een vorm van waardering voor hun werk. Marcel Smit: “De Fryske top 100 is zo langzamerhand een stukje cultuur geworden. Ik ben er trots op dat mijn liedjes er al jaren in staan en daarmee dus de waardering krijgen van de liefhebbers van de Friese muziek.

**Jukebox**
Er kon sinds 24 november gestemd worden op de Fryske top 100. Alom in de provincie duikte de afgelopen weken het stemhokje op om een lijstje met 5 favoriete platen door te geven. Online kon er gestemd worden via Frysketop100.nl en de Omrop-app. Luisteraars en kijkers maken dit jaar kans op de Fryske top 100 jukebox. De jukebox wordt op 31 december weggegeven in de uitzending.

De Fryske top 100 wordt op 31 december van 13.00 tot 00.00 uur uitgezonden op radio, televisie, Omropfryslan.nl en de Omrop-app.

---

**Noot voor de redactie:**
Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.